

Houliksformulier

De tsjerkerie jout oan de gemeente buorkundich dat N.N. en N.N. fan doel binne te trouwen. Hja wolle harren houlik yn 'e namme fan God begjinne en tegearre mei de gemeente om syn seine freegje. De ynstimming fan jimme as gemeente is krigen wannear't foar ... gjin grûndearre beswieren ynbrocht wurde. De houlikstsjinst sil holden wurde op ... (datum / tiid).

Gemeente fan ús Hear Jezus Kristus,

Wy binne hjir byinoar om it houlik fan N.N. en N.N. oan de Hear te wijen en him om syn seine te freegjen. Lit ús earst neigean wat it Wurd fan God oer it houlik seit.

Ynstelling

It houlik is gjin útfining fan minsken, mar in ynstelling fan God. Dat docht direkt bliken oan it begjin fan 'e skiednis. Nei't God himel en ierde skepen hie, foarme Hy de mins as man en frou. Hy skoep harren nei syn byld en joech harren tegearre de opdracht de ierde te behearen en yn kultuer te bringen¹. God hie earst de man skepen . Hy liet him ûnderfine dat it net goed wie en wês allinne. Under de libbene skepsels trof Adam der gjin ien oan dy't by him paste. Hy miste immen mei't wa hy it libben diele koe². Dêrom liet God in djippe sliep oer de man komme en boude út ien fan syn ribben in frou. Doe't Hy har by Adam brocht, rôp dy ferrast út:

Dizze kear is it

bien fan myn biente

en fleis fan myn fleis.

Manninne sil se hjitte

want út 'e man is se nommen.

Sa ferbûn God sels man en frou oan inoar, en dat docht Hy noch, dat sadwaande foarmje hja in unike libbensienheid³.

Op it lied fan Adam folgje dizze wurden: *Dêrom giet in man by syn heit en mem wei en hinget syn frou oan en hja wurde folslein ien*⁴.

Dêr harkje man en frou nei, wannear hja inoar offisjeel trou ûnthjitte foar it libben.

Harren houlikssluting foarmet in publyk barren. Dêryn wurdt de bân tusken beiden rjochtsjildich foar God en minsken⁵. Dat ferbûn binne hja oan God en oan inoar ferplichte, as hja mei-inoar ien wêze

¹ Gen 1 : 27-28

² Gen 2 : 18-23

³ Spr 18 : 22

⁴ Ef 5 : 31; Mat 19 : 5 , 6; Gen 2 : 24

wolle. Want de Skepper wol in ring fan trou sjen om de yntime leafde. Allinne binne it houlik meie man en frou harren folslein oan inoar jaan⁶. Sa wurdt it kostbere geskink fan de seksualiteit beskerme en wurdt wyldsin tsjingien⁷. Ys lichem is ommers in timpel fan de hillige Geast⁸. It is tsjin de wil fan God dat troude lju út inoar gean⁹. Kristus hat dit beklamme, doe't hy sei: *It binne dus net mear twa, se binne ien wurden. No, wat God ferbûn hat, mei de minske net skiede*.¹⁰ Untrou nimt de Hear dêrom heech op. Fan it kwea fan troubrek hat Hy in ôfgriis.¹¹ Hy hat it houlik bedoeld as in relaasje foar it libben. Fan man en frou wol Hy hawwe dat hja inoar net sitte litte¹², mar inoar trou bliuwe.

Allinne troch de krêft fan de hillige Geast binne hja dêrtroch by steat.

Doel

It Wurd fan God ûnderwiist ús ek oer it doel fan it houlik. Man en frou meie inoar yn leafde tabeharre en genietsje fan wat God harren dêryn jout. Dizze leafde tusken man en frou wurdt yn it Heechliet oermjittich besongen. Hja fonkelet mear as wyn en is swieter as huning.¹³ Gjinn floed fan wetter kin it fjoer fan de leafde dwêste.¹⁴ Omdat de leafde himsels net siket¹⁵, sille de beminden út wêze op it belang fan de oar. Sa kin it libben fan beide ta bloei komme. Foaral sille hja harren libben wijje oan God¹⁶, en inoar helpe op 'e wei nei it ivige libben.

Dêrneist wol de Hear troch it houlik bouwe oan folgjende generaasjes mei it each op de komst fan syn keninkryk¹⁷. Yn it paradys sei Er tsjin man en frou: *Wês fruchtber en win oan yn tal. Meitsje de ierde fol*.¹⁸ Ek no wurde troude lju roppen heit en mem te wurden¹⁹, wannear't de Hear de mooglikheid dêrta jout. At hja bern fan God krije, ûntfange hja in kostber geskink²⁰. Hja sille as heit en mem it byld fan God sjen litte yn 'e soarch en leafde foar harren bern.

⁵ Spr 2 : 17; Mal 2 : 14

⁶ 1 Kor 7 : 3, 9; Hchl 4 : 12

⁷ 1 Kor 7 : 2

⁸ 1 Kor 6 : 19

⁹ Mat 19 : 3 : 9

¹⁰ Mat 19 : 6

¹¹ Mal 2 : 13 - 16

¹² Mat 5 : 31 - 32; 1 Kor 7 : 10 - 14

¹³ Hchl 5 : 1

¹⁴ Hchl 8 : 6, 7

¹⁵ 1 Kor 13 : 5

¹⁶ Joz 24 : 15b

¹⁷ Gen 17 : 7

¹⁸ Gen 1 : 28

¹⁹ 1 Tim 2 : 15

²⁰ Ps 127 : 3; Spr 1 : 7 - 9

De troude lju libje net allinne foar inoar en harren húshâlding. De Hear jout harren ek in plak yn 'e maatskippij. Hja hearre harren yn te setten foar de leden fan de gemeente fan Kristus en foar alle minsken dy't God op harren wei set²¹.

De ferhâlding yn it houlik

Wannear't it Wurd fan God sprekt oer de ûnderlinge ferhâlding yn it houlik, komt alderearst de ienheid foar 't ljocht. Man en frou binne oan inoar jûn om inoar oan te foljen en te tsjinjen, net om inoar te oerhearskjen. Ommers, man en frou binne skepen nei it byld fan God²². Beide diele yn de leafde fan Kristus en beide binne erfgenamten fan it ivige libben²³. Dit alles freget yn it houlik om respekt fan wjerskanten, dêr't de leafdefolle trou de toan oanjout²⁴.

Binnen dy ienheid hawwe man en frou ek elts in eigen plak. De apostel Paulus bringt in djippe betsjutting yn it ljocht, as hy harren relaasje spegelet oan dy tusken Kristus en syn gemeente²⁵. Kristus is it haad fan syn gemeente en stiet foar har yn. Troch himsels hielendal te jaan, hat hy har leaf hân ta it uterste. Yn neifolging fan Kristus heart de man haad te wêzen fan syn frou troch har leaf te hawwen en himsels wei te. As earstferantwurdlike moat hy har foargean yn it libben mei de Hear. Hy sil har hoedzje en noedzje, dat hja har feilicht en beskerme wit.

De frou bewarret fan har kant de ienheid troch rjocht te dwaan oan it plak fan har man. Sa't de gemeente har oan Kristus tafertrou en har troch him liede lit, sa moat de frou har tafertrouwe oan har man en him folgje yn it tsjinjen fan de Hear. Hja sil him helpe by alle dingen dy't nei de wil fan God binne, en leafdefol it libben mei him diele.

Wannear't man en frou sa inoar leare oan te nimmen, libje hja net elts foar harren sels. Hja sille wat langer wat mear de ienheid fan Kristus en syn gemeente sjen litte.

Unthjit

De seine fan God rêst op it houlik as man en frou tegearre harkje nei de stim fan harren Hear. Sa wurdt yn Psalm 128 elts dy't ûntsach hat foar de Hear, fan herten lokwinske. At ja tichte by him libje, meie de troude lju seine op harren libbenswei ferwachtsje.

Dat skuort net út, dat alle houliken as gefolch fan de sûnde ek te krijen hawwe mei soarch, muoite en fertriet.²⁶ Dochs meie man en frou libje yn it fêste betrouwen dat God harren altiten helpe sil, sels

²¹ Gal 6 : 10

²² Gen 1 : 27

²³ Ef 5 : 21

²⁴ Gal 3 : 28

²⁵ Ef 5 : 22 - 33

²⁶ Gen 3 : 16 – 19; Ps 90 : 10

wannear't men dat minsklik sjoen net mear ferwachtsje soe. Hy ûnthjit as himelske Heit foar harren te soargjen en ropt harren op, yn alles op him werom te fallen.²⁷

Sa't de Hear harren skuld ferjaan wol, sille hja ek inoar harren sûnden en tekoartkommings ferjaan.²⁸ Hja kinne dêrfoar altiten putte út de boarne fan syn genede.

Ek meie hja der wis fan wêze dat harren houlik troch de Geast fan God hillige wurdt. Dêrtroch kriget harren houlik sin en mei it meiwurkje oan de komst fan it keninkryk fan God.

Ferplichtings fan wjerskanten

(De foargonger fersiket it breidspear stean te gean.)

Brêgeman en breid, harkje nei wat de Hear fan jimme ferwachtet.

Brêgeman, haw dyn frou leaf, lykas Kristus syn gemeente leafhat.²⁹ Haw ûntsach foar de Hear! Libje ferstannich mei dyn frou en bewiis har ear, want sy dielt tegearre mei dy yn de genede fan God, yn dit likegoed as it takomstige libben. Dan silsto frijút ta God bidde kinne en ferhearring ûntfange.³⁰ Gean har foar yn in libben mei de Hear. Soargje foar har, dat se har feilich en beskerme wit. Nim har leafdefolle stipe oan as de help dy't Kristus dy jout.

Breid, haw dyn man leaf en help him troch yn alles it goede foar him te sykjen.³¹ Nim him oan as haad en ûntfang syn leafdefolle soarch as feiligens dy't Kristus dy jout.³² Haw ûntsach foar de Hear! Wês net rjochte op uterlik fertoon, mar lit dyn goede wurken dyn sieraad wêze,³³ yn 'e húshâlding en dêrbûten.³⁴

Bliuw trou oan inoar en libje beide fan de genede fan God. Haw tegearre de ferantwurdlikens en de soarch foar jimme húshâlding. Wês trou yn de útoefening fan de taken dy't God jimme jout. En libje sa, dat jimme ta in seine binne yn de gemeente en yn de maatskippij.

Unthjit fan it breidspear

Jimme hawwe no heard dat it houlik troch God is ynsteld. Ek is jimme foarholden wat de Hear fan jimme ferwachtet.

²⁷ 1 Petr 5 : 7

²⁸ Ef 4 : 32

²⁹ Ef 5 : 25 - 33

³⁰ 1 Petr 3 : 7

³¹ 1 Tim 2 : 8 - 15

³² Spr 31

³³ 1 Petr 3 : 1-5

³⁴ Spr 31

(Der binne twa mooglikheden :

Sels it ûnthjit útsprekke of 'ja' sizze op de stelde fragen.)

(Sels it ûnthjit útsprekke)

Wolle jimme no inoar de rjochterhân jaan en jimme ûnthjitten útsprekke ?

De brêgeman seit : Ik, N.N., ûnthjit hjirre foar God en syn gemeente, yn leafde foar dy, N.N., te soargjen. Ik ûnthjit dy foar te gean yn alle dingen dy't neffens de wil fan God binne. Ik sil hillich nei dy libje, dy nea ferlitte, mar dy trou bliuwe yn goede en kweade dagen, yn rykdom en earmoede, yn sûnens en sykte, oant Kristus werom komt of dat de dea ús skiede sil. Ik ûnthjit yn it houlik neffens it evangeelje te libjen.

De breid seit : Ik, N.N., ûnthjit hjirre foar God en syn gemeente, yn leafde foar dy, N.N., te soargjen. Ik ûnthjit dy te helpen en dy te folgjen yn alle dingen dy't neffens de wil fan God binne. Ik sil hillich mei dy libje, dy nea ferlitte, mar dy trou bliuwe yn goede en kweade dagen, yn rykdom en earmoede, yn sûnens en sykte, oant Kristus werom komt of dat de dea ús skiede sil. Ik ûnthjit yn it houlik neffens it evangeelje te libjen.

("Ja" sizze op de folgjende fragen)

Wolle jimme inoar de rjochterhân jaan en antwurdzje op de folgjende fragen :

(oan de brêgeman)

N.N., ûnthjitsto hjirre foar God en syn gemeente, yn leafde foar N.N., dyn man, te soargjen ?
Unthjitsto har foar te gean, yn alle dingen dy't neffens de wil fan God binne? Silsto hillich mei har libje, har nea ferlitte, mar har trou bliuwe yn goede en kweade dagen, yn rykdom en earmoede, yn sûnens en sykte, oant Kristus werom komt of dat de dea jimme skiede sil? Unthjitsto yn it houlik neffens it evangeelje te libjen ?

(Antwurd) Ja !

(oan de breid)

N.N., ûnthjitsto hjirre foar God en syn gemeente, yn leafde foar N.N., dyn man, te soargjen?
Unthjitsto him te helpen en him te folgjen, yn alle dingen dy't neffens de wil fan God binne. Silsto hillich mei him libje, him nea ferlitte, mar him trou bliuwe yn goede en kweade dagen, yn rykdom en earmoede, yn sûnens en sykte, oant Kristus werom komt of dat de dea ús skiede sil? Unthjitsto yn it houlik neffens it evangeelje te libjen ?

(Antwurd) Ja !

Lit ús no de namme fan de Hear oanroppe yn tanksizzing en gebed.

Gebed

Almachtige God, Heit yn 'e himel, wy priizgje jo goedens en wiisheid dy't útkomt yn al jo wurken, ek yn de ynstelling fan it houlik. Jo hawwe de mins as man en frou skepen. Jo brochten Adam en Eva tegearre mei de bedoeling dat hja in djippe libbensienheid foarmje soenen. Ek dizze brêgeman en breid, N.N. en N.N., hawwe jo sa oan inoar ferbûn. Wy tankje Jo, dat hja inoar leaf krigen en trou ûnthjitten foar it libben.

Wy bidde Jo, skink harren jo Geast, dat hja har ûnthjit neikomme. Wolle Jo sels mei harren meigean en harren yn beskerming nimme middenmank de gefaren yn dizze wrâld. Hâld harren oan inoar ferbûn yn alle omstannichheden, yn goede en yn minne dagen, yn freugde en fertriet, yn sûnens en sykte. Jou dat hja inoar oanhâldend leaf hawwe, inoar helpe en trou wêze. Lear harren boppe-al yn de meinskip mei Kristus te libjen. Lit harren houlik in ôfspegeling wêze fan de ferhâlding fan Kristus en syn gemeente. Help harren dat hja tegearre út jo evangeelje libje. Jou harren in fêst leauwe, dat hja fan herten reewillich binne nei Jo te harkjen en de macht fan de sûnde te wjerstean.

Trouwe God, skink harren jo seine, sa't jo ienris Abraham, Isaak en Jakob segene hawwe. As Jo harren bern jouwe, jou harren dan krêft en wiisheid om dy bern grut te bringen ta jo ear. Lied harren sa, dat hja harren ynsette foar de leden fan de gemeente fan Kristus en foar alle minsken dy't Jo op harren wei bringe. Meitsje harren yn wurd en died tsjûgen fan jo leafde, dat jo namme sadwaande priizge wurdt. Doch dit breidspear mei hiel jo tsjerke útsjen nei de dei fan de brulloft fan it Laam, dy grutte dei, dêr't it libben ien feest op wurdt. Wol ús ferhearre, barmhertige Heit, troch Jezus Kristus, ús Hear. Amen.

Seine

God, ús Hear, dy't jimme ta dit houlik roppen hat, mei jimme troch syn hillige Geast de krêft jaan om jimme ûnthjit nei te kommen, al de dagen dy't Hy jimme tegearre skinke wol. Hy mei jimme ferbine mei wiere leafde en trou en jimme syn seine jaan. Amen.